

# Jou dy no mar del Weromwurkjend jaan as tiidwurd fan lichemsbeweging en fuortbeweging yn it Frysk

Jarich Hoekstra

## Summary

*The reflexive motion verb jin jaan ‘to go (lit. to give oneself)’ in West Frisian can combine with a directional preposition phrase (Hy joech him nei de taap ‘He went to the bar’) or with a directional particle (Hja joech har oerein ‘She stood up’). In the former case jin jaan can be replaced by the prefixed reflexive verb jin bejaan ‘to go’, in the latter case this is impossible. In this article it is argued that jin jaan with a directional preposition phrase is a locomotion verb (like jin bejaan), whereas jin jaan with a particle (or with a preposition phrase expressing a body position) is a verb of body motion or an ‘assume posture’ verb. Two hypotheses about the origin of jin jaan in Frisian are considered: (1) jin jaan has developed from jin bejaan by deletion of the prefix, or (2) jin jaan is basically a verb of body motion, that could develop into a locomotion verb. The second hypothesis is to be preferred. In the discussion the development of Frisian jin jaan and jin bejaan is compared with that of their Dutch counterparts.*

## 1. Ynlieding

It tiidwurd *jaan*, dat yn it foarste plak as tiidwurd fan besitsoerdracht tsjinnet (ferl. (1)), kin yn it Frysk ek weromwurkjend mei in ferhâldingswurdkloft as komplemint brûkt wurde en drukt dan fuortbeweging út (WFT 10, s.v. *jaan* 8).<sup>1</sup> Ferlykje it foarbyld yn (2):

(1) **Jou** ús hjoed ús deistich brea.

(2) Mei in glês yn 'e hân **joegen** de gasten **har yn 'e tún**.

It tiidwurd 'jaan' kin yn guon talen muoi sterk grammatikalisearje, d.w.s. syn spesifike leksikale betsjutting ferlieze en in algemienere grammatikale betsjutting krije.<sup>2</sup> Sa wurdt it yn guon Dútske (Moselfrankyske)

1 Sjuich foar weromwurkjend *jaan* ek Sytstra & Hof (1925, 208).

2 Sjuich algemien oer it taalkundige hâlden en dragen fan 'jaan' Newman (1996, 1998).

dialekten ta in keppeltiidwurd of passyf helptiidwurd mei de betsjutting 'wurde' (ferl. Lenz 2007), yn Slavyske talen ta in kausatyf (permissyf of faktityf) helptiidwurd mei de betsjutting 'litte' (ferl. Waldenfels 2012) en yn gâns Afrikaanske en Aziatyske talen kin it yn saneamde seriële tiidwurdkonstruksjes in preposisjonele betsjutting 'oan, foar' krije (ferl. Lord, Yap & Iwasaki 2002):

- (3) a. N is aal **gen** (Dútsk, Moselfrankysk)  
Hy is *âld jûn*  
'Hy is âld wurden'
- b. Hään äs geschloon **gen**  
Hy is *slein jûn*  
'He is slein (wurden)'
- (4) a. On ne **dal** emu dogovorit (Russysk)  
Hy *net jout him útprate*  
'Hy lit him net útprate'
- b. **Dal** zahradu ohradit (Tsjechysk)  
Jout *tún ôffreedzje*  
'Hy lit de tún ôffreedzje'
- (5) me-kyerew krata **ma** no (Akan, Ghana)  
*Ik-skriuw brief jaan him*  
'Ik skriuw in brief oan/foar him'

Dat wy by de ûntjouwing fan Frysk *jin jaan* ta in tiidwurd fan fuortbeweging mei in gefal fan grammatikalisearring te krijen hawwe, hat net folle eigenskip; in oergong fan 'jaan' nei 'gean' smyt gjin 'algemienere grammatikale betsjutting' op. It bliuwt likegoed de fraach hoe't dy ûntjouwing syn beslach krige hat. In earste oanslutingspunt jout faaks in tiidwurd dat net allinnich yn it Frysk, mar ek yn alle oare Fêstewâlwestgermaanske talen foarkomt, nammentlik *jin bejaan*, Hollânsk *zich begeben*, Dútsk *sich begeben*. Dat tiidwurd is ek weromwurkjend en wurdt hjoeddedei benammen as tiidwurd fan fuortbeweging brûkt. Yn gâns gefallen kinne *jin jaan* en *jin bejaan* boppedat suver lykbetsjuttend njonkeninoar foarkomme. Ynpleats fan (2) soe men ek sizze kinne:

- (6) Mei in glês yn 'e hân **bejoegen** de gasten **har yn 'e tún**.

It tiidwurd *jin jaan* kin net allinnich mei in ferhâldingswurdkloft as komplemint brûkt wurde, mar ek mei in partikel (ferl. (7a)); yn dat gefal

kin it lykwols net troch *jin bejaan* út it stee keard wurde (ferl. (7b)):<sup>3</sup>

- (7) a. Aukje **jout har del** op in bankje.  
 b. \*Aukje **bejout har del** op in bankje.

It liket der dus yn it earste oankommen op dat *jin jaan* en *jin bejaan* allinnich beide mooglik binne, at it komplemint in ferhâldingswurdkloft (*yn 'e tún*) is, net at it in partikel (*del*) is. Dy earste rûge observaasje sil yn it neikommende it útgongspunt wêze foar it besprek fan it komôf fan *jin jaan*.

Yn dizze wurdstúdzje wol ik de ûntjouwing fan it gebrûk fan *jin jaan* yn (2) en (7a) wat yngeander ûndersykje. Ik begjin mei in koart besprek fan 'e ûntjouwing fan *jin bejaan* as tiidwurd fan fuortbeweging (par. 2) en besjuch it gebrûk fan *jin jaan* foar dat fan *jin bejaan* oer (par. 3). Dan hifkje ik earst de hypoteze dat *jin jaan* út *jin bejaan* ûntstien is (par. 4). Dêrnei gean ik de mooglikheid nei dat weromwurkjend *jaan* as tiidwurd fan lichemsbeweging de boarne is fan *jin jaan* as tiidwurd fan fuortbeweging (par. 5). Sturtswyljendewei behannelje ik it tiidwurd *jin ôffjaan*, dat him njonken *jin bejaan* en *jin jaan* selsstannich ta in tiidwurd fan fuortbeweging ûntjûn hat (par. 6). In gearfetting (par. 7) beslút it artikel.

## 2. *jin bejaan* as tiidwurd fan fuortbeweging

It komôf en de betsjutting fan Hollânsk *zich begeven* en Dútsk *sich begeben* wurde muoi wiidweidich beskreaun yn 'e grutte wurdboeken (WNT, DWB). Ik sil ien en oar oan 'e hân fan it Fryske materiaal koart gearfetsje. De oarspronklike betsjuttings fan *bejaan* binne sokssawat as 'oerjaan, (ta) betrouwe' en 'oerjaan, farre litte, sitte litte, ferlitte'.<sup>4</sup> Yn dy betsjuttingsen fynt men it noch by Gysbert Japix:

---

3 De ferhâldingswurdkloft *op in bankje* yn (7a) is net in komplemint, mar in adjunkt. Dat docht bliken oan it feit dat er (yn ûnderskikkende sinnen) net allinnich foar, mar ek nei it tiidwurd stean kin:

- (i) a. ... dat Aukje har **op in bankje** deljout.  
 b. ... dat Aukje har deljout **op in bankje**.

De ferhâldingswurdkloft yn (2) is in komplemint en kin inkeld foar, net nei it tiidwurd stean:

- (ii) a. ... dat de gasten har **yn 'e tún** joegen.  
 b. \*... dat de gasten har joegen **yn 'e tún**.

Sjuch dêroer fierder par. 4.

4 Ferlykje DWB (s.v. *begeben*): "schon im einfachen geben liegt ein aus der hand geben, von sich geben, hingeben, welchen begriff die vorangestellten partikeln leise bestimmen. Die bedeutung von begeben schwankt zwischen einem positiven hingeben, ergeben, und einem negativen hingeben, weggeben, fahren lassen".

- (8) a. HEER ! 'k **bejouw** my ijn Jon hânnen.  
[Breuker (1989): 51080072]  
b. Dat ljeafde jiemme bijn, in nimmer naet **bejou**.  
[ibid: 50070002]

Yn 'e idiomatyske útdrukking *De lea bejouwe my* (= De lea litte my sitte = Ik wurd wurch/slûch) stiket ek noch in *bejaan* 'ferlitte'.

It weromwurkjende *jin bejaan* koe fan âlds boppedat de religieuze betsjutting 'jinsels fersaakje, jin fan 'e wrâld ôfkeare, yn 't kleaster gean' hawwe. It koe dan mei in boarneoantsjutting lykas 'fan 'e wrâld' of in doeloantsjutting lykas 'yn 't kleaster' kombinearre wurde. Foarbylden dêrfan oppenearje har yn it Aldfrysk:

- (9) a. Hwasa bifiucht iefta berauwet ene frouwe, the **hia biiewen** heth fon thire rualde, thrimen forthera.  
[E2, III, r. 281-282]  
'Wa't in frou, dy't har fan 'e wrâld ôfkeard hat, oanpakt of berôvet, oardel kear safolle'  
b. Auck Jetje wedue die **haer bijiouwen** heft mey haer guet in ws claester.  
[O II 335, r. 6]  
'Auk, Jetse' widdo, dy't mei har goed yn ús kleaster gien is'

Yn gefallen lykas yn (9) koe *jin bejaan* licht werynterpretearre wurde as in tiidwurd fan fuortbeweging 'gean'.<sup>5</sup> Yn it Aldfrysk binne, better dat ik net wit, gjin suvere foarbylden fan dat gebrûk oerlevere, mar yn it Midfrysk dûke de earste fynplakken op.<sup>6</sup>

- (10) a. As 't Cobelt **hem bejout ijn** 't Laan / En bortet oppe druwege Straan...  
[1640A, r. 49-50]

---

5 Yn it Ingelsk hat *to betake oneself*, in ôflieding fan *take* 'nimme', it antonym fan *give* 'jaan', ek de betsjutting 'gean' krige. Newman (1996, 225) seit dêrfan: "The use of *sich* (*nach...*) *begeben* in German may be compared with *betake oneself*, *take oneself off to a place* in English. It is as though one part of the self functions as the agent and another part as the patient. In the case of *sich begeben*, the agent part of the self "pushes" the patient part into movement, whereas in the case of *take oneself*, the agent part is "pulling" the patient part along with it."

6 Sjuch foar de Midfryske boarneoantsjuttingen *Foarriedige katalogus fan de boarnen fan it Midfrysk* (Grins 2008): <https://www.rug.nl/let/organization/bestuur-afdelingen-en-medewerkers/afdelingen/afdeling-friese-taal-en-cultuur/catmidfrysk.pdf>

- b. Wa **hem** nej de Aodde Schouw **bejouwt**, / Om 't toeg  
en Vlag en Vleugel varren, / Forsiekje ik dat hem net  
bijtrouwt / Oan 't Rhoer fin 't Schip.  
[1777D]

In spesjale betsjuttingsûntjouwing fan *jin bejaan*, dy't hjir fierders bûten beskôging bliuwe kin, fynt men yn sokke gefallen as *De planke bejoech him* (= De planke joech it oer, gie stikken, briek midstwa).

3. jin jaan *njonken* jin bejaan

Yn 'e Aldfryske sin yn (11) ferskynt *jin jaan* foar it earst yn 'e betsjutting fan 'jin bejaan, gean', al is it dan ek yn in idiomatyske ferbining *jin jaan ûnder* 'jin deljaan ûnder':<sup>7</sup>

- (11) Op Aller-Heiligen dey Anno 99. da West-Friesen siaende datse naet woll mochten ijen steen het gewelt van die Greef hadde **herre** West-Friesen afbritsen gantslijc ende alle **joun** onder dy beschermingen van den Greef ney luyt hera by schie.

[Gerbenzon 1965, 68: EdJ 1]

'Op Alderheljendei anno 99. Doe't de West-Friezen seagen dat se it geweld fan 'e greve net goed wjerstean koene, hawwe de West-Friezen har hielendal ôfskaat en allegearre (be)jûn ûnder 'e beskerming fan 'e greve neffens har (eigen) betingsten'

It earste dúdlike gefal fan *jin jaan* yn 'e betsjutting fan 'jin bejaan, gean', dat ik fûn haw, komt út it Midfrysk:

- (12) Mar wij **joen uws** wer nej de Pôle, der al uws fuwlc in heeren wier.

[1707C, r. 238-239]

In stikmannich oare foarbylden út it Nijfrysk oan hjoeddedei ta binne te finen yn (13):<sup>8</sup>

---

7 Ferlykje dêrnjonken it lykbetsjuttende *gean ûnder* yn (i):

(i) Doe **gengh** west fresland **vnther** thin hera van hollandt.  
[Gerbenzon 1965, 45: CrVA J 3]

8 De boarneoantsjuttingen by de Nijfryske foarbylden binne neffens it mal fan it WFT.

- (13) a. Freark lykwols kaam linkendewei wer safier, dat er **him** soms ûnder de minsken **joech**  
[T. Holtrop, *De wylde boerinne en oar wurk* (1979), s. 102]
- b. Hy libbet folle yn it slyk, mar as it onwaer wrdt **jowt** er **him nei boppen**.  
[W.P. de Vries, *lapekoer* 86 (1894)]
- c. **Jow dy** net rokkeleas op plakken, dêr't bismettelike sykten binne.  
[*Frisia* (18-2-1927), s. 1]
- d. Dan gean ik net yn in hoekje sitten mar **jou my yn de romte wêr't de keatsers sitte**.  
[<http://www.kaatsnieuwws.nl/article.php?op=Print&sid=111175&PHPSESSID=a4eco8b3bd9152aa46f3ecce45dc6c8c>] (rieplachte op 15-3-2016)

Lykas *jin bejaan* wurdt *jin jaan* hjoeddedei benammen yn 'e skreaune taal brûkt as in stilistysk alternatyf foar *gean*, mar yn fêste útdrukkingen (bgl. *jin derby jaan*) komt it ek yn 'e algemiene sprutsen taal foar.

At men *jin bejaan* en *jin jaan* ferliket, dan docht bliken dat se gauris yn 'e selde konteksten foarkomme, sawol yn har gewoan gebrûk as yn idiomatyske ferbiningen:

- (14) a. In reinich skoft yn 'e ûngetiid soe it wêze; de loft wie sa, men koe **jin** dochs net fan hûs bejaan; der moast wat útfûn wurde.  
[U. v. Houten, *rook* 6 (1994)]
- b. De trije bakkerssoannen **joegen har fan hûs** en doe't se op in fjouwersprong kamen, gongen se elk in kant út.  
[Y. Poortinga, *De foet fan de reinbôge* 14 (1979)]
- (15) a. Ik woe sjen, wêr't dy planten stiene en **bejoech my op 'en paad**.  
[Y. Poortinga, *elbrich* 247 (1998<sup>3</sup>)]
- b. Joazef **joech him** ek op 'en paad, fan Galiléa, út 'e stêd Nazaret, nei Judéa, nei de stêd fan David, dy't Betlehem hjit  
[*Bibel* (1978), Lucas 2:4]
- (16) a. It boerefolk **bijoech him ... ta de rêst**.  
[R. Brolsma, *Fris*. 9 (1922)]
- b. Hylck **jout har** graach ta de rêst, is wurch, soe rjochtút wolle, hielendal útrekke.  
[Y. f.d. Fear, *begearte* 169 (1999<sup>4</sup>)]

- (17) a. No kin ik noch wol mear arguminten neame, mar dan **bejou** ik **my** op glêd iis.  
 [<http://www.frieschdagblad.nl/index.asp?artID=39092>]  
 (rieplichte op 19-2-2016)
- b. Hy **jowt him** op glêd iis. [*Fr. W.* (1903), s.v. *iis*]
- (18) a. Dan is 't mar better, dat de twiskenbeiden ljue hjarsels earst noch mar ris biriede, foar dat se **hjar yn gefaer bijowe**.  
 [*Frisia* (26-01-1940)]
- b. Pas op en **jaen dy** net yn gefaer en kom gau hwerom.  
 [J. Hepkema, *doarwaerder* 35 (1885)].
- (19) a. Hy ... (**bijoech**) **him** by de praters ... en harke.  
 [R. Brolsma, *Fris.* 12 (1922)]
- b. Hy **joech him** by de trije Bilkers en de greatfeint, dy't it hea oan 'e wirdze swilen.  
 [U. v. Houten, *sûnde* 49 (1938)]
- (20) a. Ja jonges, it kin my siker om jimme bigreatsje, as ik der my goed yn bi-jow.  
 [R. Canne, *rûchkâlt* 117 (1926)]
- b. O, as ik **my der** goed ynjou, dan bekrûpt it my.  
 [Y. Poortinga, *elbrich* 197 (1998<sup>3</sup>)]

Dy fariaasje tusken *jin bejaan* en *jin jaan* fynt men lykwols allinnich, at de tiidwurden in ferhâldingswurdkloft as komplemint by har hawwe. *Jin jaan* kin yn it Frysk ek mei partikels kombinearre wurde.<sup>9</sup> Ferlykje:

- (21) a. Ik **jou my del** yn it gers, de rêch tsjin 'e skeane wâl.  
 [Harmen Wind, *It ferset* 309 (2004)]
- b. Dou mast **dy opjaen**, 'gaan opstaan'.  
 [*Fr.W.* (1903), s.v. *opjaen*]
- c. Nou, allé den, en hy doek him, det hja mei de foet op syn gearstringele fingers ôfsette scoe. **Jow jo** mar omheech.  
 [R. Brolsma, *groun* 58 (1940)].

---

9 Partikels binne meast ferhâldingswurdeftige ileminten of leksikalisearre ferhâldingswurdkloften, mar sa't wy yn par. 5 noch sjen sille, binne der ek in pear gefallen dêr't *jin jaan* mei in eigenskipswurdlik partikel kombinearre wurdt.

- d. Tsjalling wol **him** in bytsje oereinjaen.  
[N.J. Haisma, *suderkrús* 73 (1938)]
- e. Se **joegen har** foaroer en party snoarken wer, it rochele der oer.  
[Y. Poortinga, *De ring fan it ljocht* 62 (1976)]
- f. Baukje **joech hjar** efteroer yn de rêststoel.  
[D.H. Zylstra, *Sw.* 5 (1916)]
- g. Gabe Rommerts folk **jowt hjar** altiten foarop, hja binne altiten de foarliksten yn 'e rige  
[G. Postma, *Hs XIV* 11 (1901)]
- h. Hy **jowt him** ynelkoar.  
[B. Tuinstra, *sketsen* 206 (1934)]
- i. Fij, hwet rinste roungear, Douwe, **jow dy** ris hwet út-in-oar.  
[Fr. W. (1911), s.v. *út-in-oar*]
- j. **Jouw** dou **dy** hwet oan de kant, gjin minske kin der sa by.  
[T. Velstra, *kroantsje* 9 (1881)]

It gebrûk fan *jin jaan* mei in partikel is hjoeddedei, ôfsjoen fan idiomatyske gefallen (bgl. *jin deljaan* foar 'sliepe'), ek fierhinne ta de skreaune taal beheind, dêr't it in stilistysk alternatyf is foar *stean/sitten/lizzen gear*. Op 'e krekte status fan dy tiidwurden kom ik yn par. 5 noch wiidweidich werom.

At it komplemint in partikel is, lykas yn (22), dan is allinnich *jin jaan* mooglik; it brûken fan *jin bejaan* is útsletten:

(22) Ik (\***be**)**jou my del** yn it gers.

Wêrom is der dit ferskil tusken *jin jaan* en *jin bejaan* mei in ferhâldingswurdkloft en mei in partikel as komplemint en kin it jin op it spoar bringe fan it komôf fan *jin jaan* as tiidwurd fan fuortbeweging yn it Frysk?

#### 4. Is jin jaan út it tiidwurd fan fuortbeweging jin bejaan ûntstien?

Men soe yn jin omgean litte kinne oft *jin jaan* yn 'e earste opslach net ûntstien is troch it weifallen fan it foarheaksel *be-* yn *jin bejaan*, at dat mei in partikel kombinearre waard. De reden fan it weifallen fan *be-* soe wêze kinne dat foarheaksels en partikels net mei-inoar akkordearje. T. Hoekstra, Lansu & Westerduin (1987) hâlde bygelyks út dat tiidwurdlike foarheaksels lykas *be-* en partikels (en oare resultative predikaten) deselde strukturele posysje ynnimme, ntl. de haadposysje fan in Small Clause (in keale subjekt-predikaatferbining), en dat se sadwaande net



tegearre foarkomme kinne.<sup>10</sup>

(23) [ <sub>VP</sub> [ <sub>SC</sub> Subj Pred ] V ]

it hier	be-	knippe
it hier	ôf-	knippe
it hier	yn model	knippe
*it hier	ôf-be-	knippe

Blom (2005, 240-246) wol derop út, dat in kombinaasje fan partikel en foarheaksel allinnich mooglik is, at se net beide resultatyf binne, bgl. yn *foarferwaarmje* of *neibewurkje*, dêr't it foarheaksel resultatyf is, mar it partikel modifisearjend: "The cooccurrence of particles and prefixes is structurally possible, but since prefixes generally express results, particles that systematically combine with prefixes do in general not express results. These particles express, instead, modifiers or orientations." Hja giet út fan in semantyske beheining dy't seit dat in sin net mear as ien resultatyf predikaat befetsje kin. Yn skynbere tsjinfoarbylden lykas *ôfbestelle* of *útbetelje* hat it prefigearre tiidwurd gjin komposisjonele betsjutting mear en is it ûndúdlik oft it foarheaksel noch resultatyf is. Dat *jin jaan* yndie ûntstien wêze kin út *jin bejaan* mei in partikel wurdt suggerearre troch de neikommende foarbylden út âlder Hollânsk (oant yn 'e 19de iuw):

- (24) a. Eyndelijck als de natuer besweeck / heeft sy **haer** op een bedde moeten neder-begeven/ en heeft bekend dat het eynde haers levens naeckte.  
[Joannes de Werdt, *Den dach des gheestelycken levens...* Antwerpen 1698, s. 132]
- a'. Hy **begeeft zich neer** te bed.  
[J.F. La Fiteau, *De zeden der wilden van Amerika...* Eerste deel. Gerard vander Poel, 's Gravenhage 1731, s. 148]
- b. Als de Regen wil komen, ziet men de Riviervogels **zich opbegeven**.  
[Noel Chomel, Jan Lodewyk Schuer, Arnold Heinrich

10 Ut deselde reden kin in tiidwurd net twa foarheaksels hawwe. Sassen (1979, 1981) hat derop wiisd dat prefigearre tiidwurden ôflaat wêze kinne fan oare prefigearre tiidwurden en dat dêrby it foarheaksel fan it grûnwurd skrast wurdt. Sa is *ûntstean* ('begjinne te bestean') moolk ôflaat fan *bestean* mei weifal fan it foarheaksel *be-* nei *ûnt-*. Allyksa is *ûntstopje*, dat safolle betsjut as 'it ferstopjen ûngedien meitsje', ôflaat fan *ferstopje*.

- Westerhoff, *Huishoudelyk woordboek, vervattende vele middelen om zyn goed te vermeederen en zyne gezondheid te behouden...* Tweede deel. Leyden/Amsterdam 1742, s. 848]
- c. dan moest hy **zich** ijlings overeind **begeven**, doordien de bedwelmende lucht (...) hem zoude hebben doen stikken  
[*Algemeene konst- en letter-bode voor het jaar 1819*, s. 183-184]
- d. dan van tijd tot tijd ging de werking zoo sterk, dat zij hare handen terug wilde trekken, en **zich** voorover **begeven**.  
[Pieter Gabriel van Ghert, *Dagboek der magnetische behandeling en het daarop gevolgd herstel van Mejufvrouw B\*\*\**... Johannes van der Hey, Amsterdam 1814, s. 164]
- e. De hopman had **zich** vooraan **begeven**, en zocht met den bootsman het naderende schip te onderkennen.  
[*Nederlansch Museum. Geschied- en letterkundige merkwaardigheden*. Vijde Deel. C. L. Schleyer 1840, s. 152]

Dêr fynt men tiidwurden dy't ferlykber binne mei de Fryske partikeltiidwurden yn (21), mar mei it foarheaksel *be-*.<sup>11</sup>

Yn it Hollânsk hat der dan moolk in selde oanstriid ta it weilitten fan it foarheaksel west as yn it Frysk, want men komt ek gefallen tsjin lykas yn (25), sûnder it foarheaksel *be-*:

- (25) a. Ick volch, mijn lief treedt in en **geeft u neer**,  
[WNT s.v. *neergeven*, Hooft, *Ged.* 2, 239 (1613)]
- b. Emma **gaf haer op**, en quam voor hem getreden.  
[WNT s.v. *opgeven*, Cats 2, 123 a (1635)]
- c. En als hy **zig** overeind **gegeven** had, bleef hy staande met gekruiste handen wagtende tot dat hy hem iets beval.  
[*De duizend en ene Nacht, arabische Vertellingen*. 4de. 5de. En 6de. Deel. Steven van Esveldt, Amsterdam 1755, s. 416]
- d. Wanneer men pareert steek of houw wil toebrengen, zal men **zich** een weinig voorover **geven**, ten einde met de Sabel meer kracht te kunnen uitvoeren.  
[*Exercitien of Werkzaamheden der Sabel voor de ligte Cavalerie*, J.W. van Leeuwen, Leyden 1818, s. 21]

---

11 Ferlykbere tiidwurden komme ek yn it Dútsk foar, dat ik hjir lykwols gewurde lit.

Krekt as yn it Frysk koe *zich geven* yn âlder Hollânsk nammers ek as tiidwurd fan fuortbeweging mei ferhâldingswurdkloften foarkomme (WNT, s.v. *geven* III.B.):

- (26) a. De vermoiede gasten van Eneas **geven zich** in aller yl  
naer het lant toe.  
 [WNT, Vondel 5, 142 (1646)]
- b. Dat ick dan vaerdig sta, en met een bly gepeys, / Mag op  
 de staenden voet **my geven op de reys.**  
 [WNT, Cats 2, 482 b (1655)]
- c. Zoo dacht ik op een Lentemorgen, / En **gaf my naar een**  
stillen plek.  
 [WNT, Bild. 8, 75 (1858)]

Yn it Hollânsk ferdwine de foarbylden fan *zich begeven* mei partikel en fan *zich geven* lykwols nei de 19de iuw.

At men derop út wol dat *jin jaan* (*zich geven*) út *jin bejaan* (*zich begeven*) ûntstien is fanwegen de ynkompatibiliteit fan in resultatyf partikel en in resultatyf foarheaksel, dan ropt dat fuortendaliks in pear twingende fragen op. Foarst: at partikel en foarheaksel net mei-inoar yn 't span kinne, wêrom koene tiidwurden lykas yn (24) dan überhaupt foarkomme? Twad: wêrom kinne Hollânsk *zich begeven* en Frysk *jin bejaan* net (mear) mei partikels kombinearre wurde, mar wol mei ferhâldingswurdkloften? Ornaris kinne prefigearre tiidwurden ek net mei resultative ferhâldingswurdkloften kombinearre wurde (ferl. *\*it hier yn model beknippe*). Men soe ornearje kinne dat *jin bejaan*, doe't it him ta in tiidwurd fan fuortbeweging ûntjoech, syn komposisjonaliteit ferlear: de betsjutting fan *jin bejaan* wie net mear ôf te lieden út 'e betsjutting fan *be-* en *jaan*. Yn syn net-komposisjonele ynterpretaasje koe *jin bejaan* sûnder problemen mei in resultatyf predikaat kombinearre wurde, likefolle oft dat in ferhâldingswurdkloft wie of in partikel. It tiidwurd fan fuortbeweging *jin bejaan* betsjutte lykwols net neutraalwei 'gean', mar earder sokssawat as 'fuortgean, fan hûs / op 'en paad gean'. Dy bestjutting kin makke hawwe, dat *jin bejaan* sa njonkelytsen doch (ek) wer as komposisjoneel ynterpretearre wurde koe mei it foarheaksel *be-* as it resultative predikaat (sokssawat as 'fan hûs' / 'op 'en paad') en *jaan* as it eigentlike tiidwurd fan fuortbeweging (sokssawat as 'gean'). Men soe oannimme kinne dat *jin bejaan* kwasy-komposisjoneel waard, d.w.s. dat it wifke tusken in net-komposisjonele en in komposisjonele ynterpretaasje.

Yn syn komposysjonele ynterpretaasje befettet *jin bejaan* in resultatyf predikaat, ntl. it foarheaksel *be-*, en kin sadwaande inkeld mei in ferhâldingswurdkloft kombinearre wurde, at dy net as komplemint yn-

terpretearre wurdt, mar as adjunkt. In bekende test om te sjen oft wy by in ferhâldingswurdkloft mei in komplemint of in adjunkt te krijen hawwe, is PP-ekstraposysje. Yn (27a) en (27b) tsjinje respektifyk *fer-* en *op 'e tafel* as resultatyf predikaat. De ferhâldingswurdkloft *op 'e tafel* kin as komplemint net ekstraponearre wurde (ferl. (27c)) Yn in sin lykas (27d) is *fer-* de eigentlike doeloantsjutting by *sette*. De ferhâldingswurdkloft *op 'e tafel* tsjinnet as in adjunkt en kin sadwaande ekstraponearre wurde (ferl. (27e)):

- (27) a. ... dat er de faas mei blommen ferset.
- b. ... dat er de faas mei blommen **op 'e tafel** set.
- c. \*... dat er de faas mei blommen set **op 'e tafel**.
- d. ... dat er de faas mei blommen **op 'e tafel** ferset.
- e. ... dat er de faas mei blommen ferset **op 'e tafel**.

Besjuch no it neikommende foarbyld mei *jin bejaan*. Yn (28a) soe *nei Bethlehim* in komplemint wêze kinne, at *jin bejaan* net-komposisjoneel ynterpretearre wurdt, mar it kin yn alle gefallen ek as in adjunkt tsjinje. Dat docht bliken oan it feit dat it ekstraponearre wurde kin (ferl. (28b)):

- (28) a. ... dat Jozef him **nei Bethlehim** bejoech.
- b. ... dat Jozef him bejoech **nei Bethlehim**.

Dêrneffens soe *jin bejaan* yn (28b) komposisjoneel wêze. Dêrfoaroer kinne yn (29) de idiomatyske ferhâldingswurdkloften *fan hûs* en *op 'en paad*, dy't min ofte mear it resultative predikaat leksikalisearje dat yn it foarheaksel *be-* stiket, at *jin bejaan* komposisjoneel opfette wurdt, mar allinnich kompleminten wêze; hja kinne net ekstraponearre wurde:

- (29) a. ... dat Jozef him **fan hûs / op 'en paad** bejoech.
- b. \*... dat Jozef him bejoech **fan hûs / op 'en paad**.

Dêrneffens moat *jin bejaan* yn (29) net-komposisjoneel wêze. Der binne dus yndie oanwizingen dat *bejaan* kwasykomposisjoneel is. Yn syn komposisjonele ynterpretaasje kin *jin bejaan* net mei partikels kombinearre wurde, om't dy har allinne mar as komplemint (resultatyf predikaat) oppenearje kinne, net as adjunkt. Faaks late de oanstriid om *jin bejaan* (ek) komposisjoneel te ynterpretearjen derta dat de kombinaasje mei partikels problematysk waard. Yn it Hollânsk ferdwûnen partikel-tiidwurden mei *zich begeven* en yn it Frysk waard (lykas yn it âldere Hollânsk) it foarheaksel *be-* weilitten, sadat it partikel wer as it resultative predikaat tsjinje koe. It nije tiidwurd fan fuortbeweging *jin jaan* koe no

sûnder problemen ek ferhâldingswurdkloften as komplemint nimme en sa begjinne te konkurrearjen mei *jin bejaan*.

Hoewol't komposisjonaliteit faaks ferklearret wêrom't *jin bejaan* net (mear) mei partikels kombinearre wurde kin, strykt de hypoteze dat *jin jaan* ynearsten út *jin bejaan* ûntstien is net alhiel mei de feitlike oerlevering. Yn âlder Frysk binne gjin foarbylden fan *jin bejaan* mei partikel te finen, al kin dat ek oan 'e krapte fan 'e data lizze. It hat der lykwols ek in soad fan dat *jin jaan* yn 'e Fêstewâlwestgermaanske talen al hiel betiid njonken *jin bejaan* bestien hat (WNT III.B., MNW II.4., DWB II.24.c.), dat in selsstannige ûntjouwing fan *jin jaan* wol sa oannimlik makket. Dy mooglikheid sil yn 'e neikommende paragraaf neier ûndersocht wurde.

5. *Is it tiidwurd fan fuortbeweging jin jaan út it tiidwurd fan lichemsbeweging jin jaan ûntstien?*

Njonken it feit dat *jin jaan* as tiidwurd fan fuortbeweging al âlde brieven hat, is der moolk noch in oar argumint tsjin 'e analyze fan *jin jaan* út *jin bejaan* dy't ik hjirboppe jûn haw. De tiidwurden yn (21) (en (24) en (25) yn it Hollânsk), deselden mei partikel, binne fan rjuchten gjin tiidwurden fan fuortbeweging. Hja tsjutte net in beweging fan ien plak nei it oare oan, mar it oannimmen fan in primêre lichemshâlding (stean, sitte, lizze);<sup>12</sup> men kin se allegearre omskriuwe mei *stean/sitten/lizzen gean*.<sup>13</sup> Der binne yn it Frysk gjin partikeltiidwurden lykas *\*jin fuortjaan*, *\*jin hinnejaan*, *\*jin ynjaan/útjaan* of *\*jin weromjaan*, dy't fuortbeweging oantsjutte (foar in stiktwa wiere en sabeare tsjinfoarbylden, sjuch hjirûnder). Dêrfoaroer binne de partikeltiidwurden mei *begeven* yn it (âldere) Hollânsk net ta it oannimmen fan lichemshâlding beheind. Ferlykje:

- (30) a. De jonge dames hadden weder plaats genomen bij het borduurraam , terwijl hare moei Miss JEANETTE PEYTON **zich wegbegeven** had, om de noodige voorbereidse-len te maken ter bevrediging van den honger van hunnen onverwachten gast.  
[James Fenimore Cooper (oers. Hendrik Riedel), *De spion*. Eerste deel. Van Boekeren, Groningen 1827, s. 9]

12 Sjuch foar it begryp primêre lichemshâlding (*cardinal posture*) Newman (2002).

13 Ik abstrahearje hjir efkes fan 'e oerdrachtlike betsjuttingen dy't in pear fan dy tiidwurden hawwe kinne. Sa kin *jin deljaan* ek 'bedarje, belúnje (fan waar, wyn, see, pine) betsjutte. In betsjutting 'bedarje' hat nammers ek it keale Dútske *sich geben* (*Der Schmerz gibt sich*).

- b. Hij bericht ons de verhaaste vlucht van Joseph; hoe hij bij nacht **zich** moest **heenbegeven** uit vreeze voor Herodes.  
[A. Kluit, *De beschrijving van den keizer Augustus bij Christus geboorte niet geschied, of volledige verklaring van Lucas II. vs. 2.* Tweede stuk. Gillissen, Middelburg 1774, s. 662]
- c. zyn ontfangene wonden ... welke, als hy **zig** dien dag had willen **uitbegeven**, hevig waren ontstookten geworden.  
[*De prins Kalloandro*. Eerste deel. Wed. van Barent Visscher & Anthony Schoenenburg, Amsteldam 1714, s. 106]

De tiidwurden yn (21) kinne befliapt wurde ûnder wat Levin & Rappaport Hovav (1995, 126-133) de *verbs of spatial configuration* neame. Dy tiidwurden kinne in simpele statyske betsjutting (*simple position*) hawwe, in durativen ien (*maintain position*), in ynngoativen ien (*assume position*) en in kausativen ien (*putting in a spatial configuration*).<sup>14</sup> Ferlykje respektyflik *sitte* (*Hy sit op 'e stoel*), *sitten bliuwe* (*Hy bliuwt op 'e stoel sitten*), *sitten gean* (*Hy giet op 'e stoel sitten*) en *sette* (*Ik set him op 'e stoel*).<sup>15</sup> De tiidwurden yn (21) hawwe dúdlikernôch de *assume position*-betsjutting ("it describes an animate being coming in a particular position under his or her own control"). Ta de *assume position*-tiidwurden, dy't ik hjir tiidwurden fan lichemsbeweging neame sil, hearre deselden dy't it oannimmen fan in primêre lichemshâlding oantsjutte (*sitten/lizzen/stean gean*), mar ek sokken dêr't dy primêre lichemshâlding neier yn spesifisearre is lykas *knibbelje* (op knibbels lizzen gean), *hûkearzje* (yn 'e hoksen sitten gean), *strampelje* (mei de skonken wiid útinoar stean gean) en *bûge/lynje* (foaroer/efteroer sitten/stean gean).

Yn *jaan* as tiidwurd fan besitsoerdracht leit al in beweging besletten, ntl. de beweging fan 'e 'jefte' fan 'e 'jouwer' nei de 'bejeftige'. Weromwurkjend *jaan* kin feitlik allinnich oerdrachtlik opfette wurde. At men jinsels bygelyks oan immen of oan eat oerjout, dan jout men net sa lyk jinsels (d.w.s. jins lichem) oer, mar de macht oer jinsels. At men yn it Frysk jinsels weijout, dan jout men likemin wurdlik jinsels wei, mar jins (hie) besit. At men it net oerdrachtlik opfettet, kin *jin jaan* inkeld in beweging oantsjutte dy't binnen de grinzen fan it eigen lichem bliuwt (*self-contained motion*): in lichem kin in beskate hâlding oannimme, it kin útdije of beklinke en iepener/losser of tichter/fêster wurde.

---

14 Foar in oersjuch hoe't dy betsjuttingen yn ûnderskate talen leksikalisearre wurde, sjuch Talmy (1985, 85-90).

15 Marzjinaal kin *sitte* ek sûnder it durative helptiidwurd *bliuwe* as in *maintain position*-tiidwurd brûkt wurde (*It sit wat mei de huzebou*) en *sette*, al of net weromwurkjend, as in *assume position*-tiidwurd (*De kjeld is my op 'e mage set*, *De kanker hat him set*).

Levin & Rappaport Hovav geane derfan út dat by de tiidwurden fan lichemsbeweging (*assume position*-tiidwurden) in libben wêzen ûnder eigen bestjoer in beskate posysje oannimt, mar men soe it konsept útwreidzje kinne nei alle 'licems' (al of net libben, fysyk of spiritueel) dy't in beskate romtlike konfiguraasje oannimme (al of net ûnder eigen bestjoer) en dêrby ûnder romtlike konfiguraasje net allinnich hâlding, mar ek omfieming en gearhing (konsistinsje) ferstean.<sup>16</sup> It gebrûk fan *jin jaan* yn (21) kin dan linichwei gearbrocht wurde mei oare gefallen fan it gebrûk fan weromwurkjend *jaan* yn it Frysk, sa't yn it neikommende sjen litten wurde sil. Lykas minsken kinne bisten lichemshâldingen oannimme. Guon dêrfan binne spesifyk foar beskate bisten. Sa is *jin plat deljaan* by hynders it oannimmen fan 'e hâlding dy't yn it Hollânsk mei 'in gestrekte draf' oantsjut wurdt en beskriuwt *jin platút deljaan* de hâlding fan in ljurk dy't op 'e grûn lizzen giet om oan rôffûgels te ûntkommen:<sup>17</sup>

- (31) a. Hwet **joechst dy** plat del foar de sieas.  
 [T. Velstra, *Sw.* 8 (1875)]  
 b. It ljurkje **jowt him** platút del yn 'e fûrge  
 [Fr. W. (1903), s.v. *plat-út*]

Ferlykje ek de fêste ferbining *jin op ('e) wjukken jaan* njonken *op ('e) wjukken gean* foar 'opfleane':

- (32) Dy [de swannen] **joegen har** op wjukken en fleagen mei kalme slach by de dyk lâns.  
 [Fr. en F. (21-11-1958)].

Foar fûgels is *jin op ('e) wjukken jaan* it oannimmen fan in typyske lichemshâlding.

In moai foarbyld út 'e bibel mei in eigenskipswurdlik partikel is (33);

- (33) Hja [de berchgeiten] **jowe hjar** krom, bringe mei opskoerd bunt hjar jongen to wrâld, driuwe hjar fleagen út.  
 [Bibel (1943), Job 39:6]

*Jin kromjaan* stiet dêr foar 'krom stean gean'.

---

16 Talmy (1985, 86) praat fan "postures or orientations that are assumed by the human body or by objects treated as comparable to the body."

17 Ferlykje by minsken ek *jin der plat foar jaan* (*der plat foar lizzen gean*) 'foaroerbûgd begjinne te riden (fan in reedrider)' mei in net-rifferinsjele ferhâldingswurdkloft *derfoar*.

Mar net allinnich libbene wêzens (minsken en bisten), deade dingen (konkreet of abstrakt) kinne ek in beskate 'hâlding' oannimme. Ferlykje de neikommende foarbylden mei *jin iepenjaan* yn 'e betsjutting 'iepengean, opgean':<sup>18</sup>

- (34) a. In portaal... in treppen... dan in doar, dy't **him** noegjend **iepenjowt**.  
[G. Mulder, *Tsj.* 109 (1946)]  
b. Alde dreamen, lang fortige, / **Jow' hjar iepen** op 'en nij.  
[O. Postma, *lân* 98 (1918)]

Men soe úthâlde kinne dat *jin iepenjaan* (winliks 'iepenstean/iepenlizen gean') foar in doar of foar dreamen it oannimmen fan in romtlike konfiguraasje (iepenstean/iepenlizen) is.

*Jin jaan* kin ek it oannimmen fan in beskate omfieming oantsjutte. De weromwurkjende partikel-tiidwurden *jin útjaan* en *jin ynjaan* komme foar mei respektyflik de betsjuttingen 'útrekke; útwreidzje' en 'krimpe, be-  
klinke; gearlûke':<sup>19</sup>

- (35) a. Binne de skoene to lyts, den moatte se mar efkes op 'e spanders, den **jowe se hjar** wol hwet **út**.  
[WFT s.v. *útjaan*, Opj. Y. Poortinga]  
b. De siele **jowt him út** yn romte en tiid  
[O. Postma, *fersen I* 162 (1949)]
- (36) a. De skonk waerd slank, de noas fetsoenliker, ind it liif **joech 'im eák yn**.  
[E. Halb., *rimen* 97 (1871)]  
b. It wetter weagt him op en **jowt him yn** / En dounset yn 'e kleare sinneskyn.  
[O. Postma, *lân* 25 (1918)]

In tiidwurd *zich uitgeven* mei in ferlykbere betsjutting as Frysk *jin útjaan* kaam ek yn âlder Hollânsk foar. Ferlykje de neikommende foarbylden út

---

18 Ferlykje âlder Hollânsk *zich opgeven* 'opgean, iepengean':

(i) De poorte **gaf haer op**, mits hy gansch vinnig stiet, / Maer viel stracks weder toe.  
[WNT, *Cats* 2, 313 b (1655)].

19 *Jin útjaan* komt ek net-weromwurkjend foar:

(i) It hout **jowt út** mei dy dampens.  
[WFT s.v. *útjaan*, Opj. Y. Poortinga]



it WNT (s.v. *uitgeven*):

- (37) a. Die verloepo goede menschen (vonden hem) seer verslagen ende benaut van harten, doer oersaecke want sij hoe langer hoe meerder vermerckten die ondrachlicke swaericheyt, daer sij tegenwoerdichlick in staeken, als besorricht sijnde dat dese verkeertheyt noch altijd **haer** verder wuyt**geven** wilde.  
[WNT, Wouter Jacobsz, *Dagb.* 295 (1573)].
- b. Buijten het selve (gebergte) na de see streckt sich ... een eenparige streeke kleijlant van een groote musquetschoot breet, op de eene plaetse vrij beter als op d'ander ende ooc vrij wijder oft smalder, na **sich** het geberchte **uijt geeft**.  
[WNT, De Laet, *Hist. W.-I. C.* 304 (1634, ed. 1937)].

It keale tiidwurd *jin jaan* kin oerdrachtlik it oannimmen fan in geastlike hâlding of ynstelling oantsjutte. Yn (38) betsjut *jin jaan* (fan persoanen sein) safolle as 'jin iepen opstelle':

- (38) a. Hy **jout him** net sa gau  
[WFT s.v. *jaan*, Opj. M.G. Oosterhout (1941)]
- b. Habermas **jout him** yn it ynterview ek folle minder as Derrida docht.  
[<http://members.chello.nl/e.hoekstra8/DerridaHab-Filo.htm>] (rieplichte op 20.3.2016)

Ferlykje ek de útdrukking *jin bleatjaan* as de dynamyske wjergader ('bleatstean/bleatlizzen gean') fan it statyske *bleatstean/bleatlizze*.<sup>20</sup>

In selde jin iepenjen foar en jin rjuchtsjen op 'e bûtenwrâld fynt men yn 'e útdrukkingen *jin derby jaan* 'warber wêze, goed meidwaan' en *jin dernei jaan* 'jin skikke', mei de net-rifferinsjele of swakrifferinsjele ferhâldingswurdkloften *derby* en *dernei*.<sup>21</sup>

---

20 Yn it Dútsk is *sich geben* mei eigenskipswurden grammatikalisearre ta in (evidinsjeel) keppeltiidwurd. Ferlykje *Er gab sich freundlich* etc. 'Hy die freonlik (hy wie freonlik, foarsafier't men soks út syn hâlding ôfnimme koe)'.

21 Yn *jin derby jaan* en *jin dernei jaan* is *jin jaan* in tiidwurd fan lichemsbeweging, dat net troch *bejaan* út it stee keard wurde kin. Dêrfoaroer is *jin jaan* yn *jin earne by jaan* mei in rifferinsjele ferhâldingswurdkloft in tiidwurd fan fuortbeweging, dat troch *bejaan* ferfongen wurde kin (ferl. (19)).

- (39) a. As men **j**in der net by jowt, en dan sa'n húshâlding, it soe sa'n fint yn 'e hûd bite, woe men ha.  
[P. Akkerman, *ypma* 154 (1949)]
- b. Soa ja, hy **jowt** er him danich nei, komt my foar.  
[L. Heeringa, *jonges* 34 (1888)]

As in foech helptiidwurd dat it begjin fan 'e hanneling oantsjut, tsjinnet *j*in *jaan* yn 'e ferbining *j*in *jaan* *nei* + nominale ynfinityf. Ferlykje:

- (40) a. Do't nou Boäs den iten en dronken hie en syn herte fleurich wier, **joech** er **him** nei sliepen op 'e ein fen 'e nôtbult.  
[*Bibel* (1943), Ruth 3:7]
- b. dêrom teagen Dans bern op en strieden tsjin Lesem, en namen it yn, en sloegen it mei it skerpe swird, en bisetten it en **joegen hjar** dêr nei wenjen.<sup>22</sup>  
[*Bibel* (1943), Jozua 19:47]
- c. Hja wie goed fjirtich en hie **har** de lêste jierren nei groei-jen jown.  
[P. Akkerman, *ljocht* 163 (1950)]
- d. It waer **jowt him** wol nei friezen, de wyn yn 't Easten en in igale loft.  
[N.J. Haisma, *kar* 127 (1936)]

De nominale ynfinityf yn 'e konstruksje yn (40) is nammers wol gauris in tiidwurd fan lichemsbeweging; it tsjut it oannimmen fan in hâlding (*slipe*, *wenje*),<sup>23</sup> in omfieming (*groei*) of in konsistinsje (*frieze*) oan.<sup>24</sup> It prefigearre tiidwurd *j*in *ûntjaan* 'begjinne te bloeien; teie, ûntlitte (beferzen grûn); *j*in ûntwikkelje' past ek yn dit skift. Men kin rûchwei twa foarheaksels *ûnt*- ûnderskiede: in ynngoatyf *ûnt*-, dat it begjin fan 'e hanneling oantsjut en in negatyf *ûnt*-, dat byglyks it risseltaat fan 'e hanneling fan it grûnwurd ûngedien makket (ferl. Hendriks, Kas & Laport

---

22 Gebrûkliker is *j*in *nei wenjen sette*.

23 *Slipe* is in soarte fan lizzen (ferl. *Pake leit al*) en *wenje* in soarte fan sitten (ferl. *Jelle sit yn Burgum*).

24 *J*in *jaan* kin ek beselskippe fan in ferhâldingswurdkloft mei *oan* synonym mei *gean* brûkt wurde om it begjin fan 'e hanneling oan te tsjuten:

- (i) a. Wie it net better, datste **dij** wer oan 't arbeidsjen joegste?  
[E. Halb., *jonkerboer* 25 (1858)]
- b. Yen oan 't arbeidsjen, oan 't wirk jaen 'er mee beginnen'  
[Fr. W. (1903), s.v. *jaen*]

1994, J. Hoekstra 1998, 148-149, E. Hoekstra 2007). *Jin ûntjaan* is mei it yn-goatve *ûnt-* ôflaat fan *jin jaan*. In direkte wjergader is faaks *ungive* yn dialektysk Ingelsk (EDD). It Ingelske foarheaksel *un-* is de wjergader fan *ûnt-* (ferl. Hendriks, Kas & Laport 1994). It tiidwurde *ungive* mei in yn-goatve *un-* hat de betsjuttingen 'los, damp, slof wurde; teie, ûntlitte'.

Gearfetsjend smyt it Frysk tewille genôch bewiis op foar in tiidwurde fan lichemsbeweging *jin jaan*, in tiidwurde dat, meast yn kombinaasje mei in foarheaksel, partikel of ferhâldingswurdkloft, oantsjut dat in 'lichem' in beskate romtlike konfiguraasje (hâlding, omfieming, gearhing) oannimt. It sil klearrichheid hawwe dat de tiidwurden yn (21), dy't it oannimmen fan in primêre lichemshâlding oantsjutte, dêr folslein by oanslute. Dêrfandinne liket der gjin driuwende needsaak te wêzen om *jin jaan* yn dy tiidwurden ôf te lieden fan *jin bejaan*.

De ûntjouwing fan *jin jaan* fan tiidwurde fan lichemsbeweging ta tiidwurde fan fuortbeweging kin men it bêste sa begripe dat oan it begjin fan in beweging fan it iene plak nei it oare ornaris it oannimmen fan in (positive) ynstelling en in (aktive) lichemshâlding stiet. Ferlykje dêrta it tiidwurde *jin opjaan* 'risselwaasje meitsje' yn bibeltaal, dat him gauris (min ofte mear tautologysk) oppenearret yn in lykshikking mei in tiidwurde fan fuortbeweging:

- (41) a. Aचितоfel lykwols, sjende dat hja syn rie net dien hiene, seale de ezel, en **joech him op** en **teach** nei syn hûs en yn syn stêd, en joech syn hûs bistel, en hong him op.  
[Bibel (1943), Sam. II 17:23]
- b. En hy **joech him op** en **gyng** út de synagoge en kaem by Simon yn 'e hûs.  
[Bibel (1943), Lukas 4:38]

Boppedat suggerearret it oannimmen fan in lichemshâlding faken-tiids al it neifolgjende fuortbeweging. Hoewol't *De swannen joegen har op 'e wjukken* feitliks mar allinnich it oannimmen fan 'e fleanhâlding beskriuwt, wurdt de sin gewoanwei ek begrepen as 'De swannen fleagen fuort'. De lichemsbeweging dy't *jin jaan* yn 'e earste opslach útdrukt, kin sadwaande licht werynterpretearre wurde as de oanslutende fuortbeweging.

*Jin jaan* as tiidwurde fan lichemsbeweging kin nea troch it tiidwurde fan fuortbeweging *jin bejaan* út it stee keard wurde. Dat is net allinnich sa by de partikel-tiidwurden yn (21) en de gefallen dy't yn dizze paragraaf op 't aljemint west hawwe, mar ek at *jin jaan* as tiidwurde fan lichemsbeweging mei in ferhâldingswurdkloft ferbûn wurdt. Ferlykje njonken it al neamde foarbyld yn (42a) deselden yn (42b-g):

- (42) a. De fûgels (\***be**)**jouwe** har op 'e wjukken.  
b. De jonge (\***be**)**jout him** op it liif.<sup>25</sup>  
c. De pasjint (\***be**)**joech** him op 'e side.  
d. De hûn (\***be**)**jout him** op 'e rêch.  
e. De mem (\***be**)**joech har yn** 'e hoksen.  
f. De pylgers (\***be**)**joegen har** op knibbels.  
g. De bern (\***be**)**jouwe har** op 'e teannen.

De ynkompatibiliteit fan *jin bejaan* mei partikels yn it Frysk leit dus net (of teminsten net allinnich) oan it foarheaksel; *jin bejaan* is ek ynkompatibel mei ferhâldingswurdkloften, at dy in lichemshâlding útdrukke. Sels yn in foarbyld lykas (43), dêr't de ferhâldingswurdkloft net in lichemshâlding útdrukt, mar dêr't *jin jaan* dúdlikernôch in lichemsbeweging ('jin bûge') oantsjut, is ferfanging troch *jin bejaan* net mooglik:

- (43) Hy **jowt him** wer oer syn fiskbak en skiftet troch.  
[H. Faber, *Fr. J.* 143 (1942)].

It Hollânsk en it Frysk hawwe dan sa't it liket ynearsten in parallelle ûntjouwing hân: it tiidwurd fan lichemsbeweging *zich geven/jin jaan* hat him ûntjûn ta in tiidwurd fan fuortbeweging. Yn it âldere Hollânsk hat der boppedat in tendins west dat it tiidwurd fan fuortbeweging *zich be-geven* him ta in tiidwurd fan lichemsbeweging ûntjoech.<sup>26</sup> Yn it jongere Hollânsk (nei de 19de iuw) hawwe sawol *zich geven* as *zich be-geven* as tiidwurd fan lichemsbeweging belies jûn en *zich geven* ferdwûn ek as tiidwurd fan fuortbeweging. Yn it Frysk is *jin jaan* as tiidwurd fan lichemsbeweging en fuortbeweging oant hjoeddedei bewarre bleaun.

---

25 Yn it Grinslânsk komt ek in tiidwurd *zok geven* voor, mar sa't it liket inkeld as tiidwurd fan lichemsbeweging. Ter Laan (1952) jout it neikommende foarbyld:

Wie gaven ons op 't lief = wij gingen op de buik liggen [Ter Laan (1952), s.v. *zok geven*]

Hy neamt boppedat foar it Westerkertier *hom delgeven* 'zich er bij neerleggen'.

26 Mei partikels, mar moolk ek mei ferhâldingswurdkloften:

(i) Zondagochtend is te Dokkum in de algemeene zwemplaats in de Woudvaart een jong handwerksgezel, terwijl hy zwemmende **zich op den rug begaf**, plotseling naar de diepte gezonken en levenloos opgehaald.

[*Haarlem's Dagblad* (2-9-1886), s. 2]

Of wie de korrespondint fan 'e krante in Fries en spilet it Fryske *jin op 'e rêch jaan* der hjir mei ûnder?

6. *jin ôfjaan as tiidwurd fan fuortbeweging*

Ta beslút wol ik noch in tiidwurd op it aljemint bringe, dat him njonken *jin bejaan* en *jin jaan* selsstannich ta in tiidwurd fan fuortbeweging ûntjûn hat, te witten *jin ôfjaan*:

- (44) De jonge plakt it slúfke wer ticht en **jowt** him **ôf** nei de stêd.  
[D. Jaarsma, *Heit*. (1950), s. 81]

It tiidwurd *jin ôfjaan* heart dúdlikernôch net yn itselde skift as *jin deljaan* ensfh.; it tsjut net it oannimmen fan in lichemshâlding oan, mar fuortbeweging. Boppedat is 'ôfjaan' as tiidwurd fan fuortbeweging yn it Germaansk al ier oerlevere. Yn it Goatysk fynt men bygelyks al in weromwurkjend tiidwurd *sik afgiban* mei de betsjutting 'fuortgean':

- (45) aufto auk duþe **afgaf** **sik** du hweila  
(Philemon 1:15)  
*Faaks want dêrom ôfjoech him foar in skoft*  
'Want dêrom gie er faaks in skoft fuort'

Yn oare Germaanske talen hat it yn net-weromwurkjend gebrûk in betsjutting 'ferlitte', dy't men ek by 'bejaan' fynt. Ferlykje de neikommende foarbylden mei it tiidwurd *ofgefan* út 'e Aldingelske 'Beowulf':

- (46) a. Dena land **ofgeaf**  
(Fulk 2010: r. 1904)  
'hy ferliet Denene lân'  
b. ond þa þas worold **ofgeaf** / grom-heort guma  
(Fulk 2010: r. 1681-1682)  
'en doe ferliet er de wrâld (stoar er), it grimmitige wêzen'

*Jin ôfjaan* koe him sadwaande lykas *jin bejaan* skoan selsstannich ta in tiidwurd fan fuortbeweging ûntjûn hawwe.

Hoewol't it histoarysk moolk in oar komôf hat as as de oare gefallen fan *jin jaan*, kin it wêze dat *jin ôfjaan* de ûntjouwing fan dy tiidwurden beynfloede hat. Der is teminsten ien gefal dêr't men ynfloed fan *jin ôfjaan* oannimme koe. It tiidwurd *jin ôfjaan* wurdt faak yn 'e ymperatyf brûkt (*Jou dy ôf!*) en kriget dan almeast de betsjutting 'Meitsje datst fuortkomst!' of 'Pak op!'. Faaks is op basis fan *Jou dy ôf!* in patroan "Jou dy + P(P)!" ûntstien. It falt yn alle gefallen op dat *jin jaan* yn 'e ymperatyf wol gauris brûkt wurdt mei kompleminten dêr't it oars net faak mei foarkomt:

- (47) a. **Jow dy hjir wei** of dou krigest in pak bruyen.  
[W. Dykstra, *oebele* 59 (1875)]
- b. Hy ... biskrobbe Petrus, sizzen: **Jow dy by my wei**,  
forlieder!  
[S.K. Feitsma, *evangelie* 47 (1897)]
- c. Doe sei it wiif fan 'e dief gau: "Jan, Jan, **jow dy ûnder 'e bank!**"  
[*Korpus Jaarsma*, ferslach 371, ferhaal 10 (5 april 1968)]
- d. Smoarge jonge, **jow dy op bêd**, hwat dochst der ôf.  
[*Korpus Jaarsma*, ferslach 1098, ferhaal 12 (9 april 1974)]

Boppedat kin *jin jaan dêr*, hoewol't it mei in ferhâldingswurdkloft kombinearre wurdt, net samar troch *jin bejaan* út it stee keard wurde. Men soe faaks wol sokssawat sizze kinne as *Bejou dy ûnder 'e bank!*, mar dat betsjut neutraalwei '(Meitsje risselwaasje en) gean ûnder 'e bank lizzen!', net 'Meitsje datst ûnder 'e bank komst!'.

Faaks heart it inkelde foarbyld yn (48), mei it ûngewoane partikel-tiidwurd *jin fuortjaan*, dat gjin lichemsbeweging útdrukt, mar fuortbeweging, dêr ek by:

- (48) As ik dy riede scil den mast **dy foartjaen**, oars komst by  
neare nacht thús.  
[Fr. W. (1900), s.v. *foartjaen*]

De ymperatyf (of hortatyf) sit dêr wat ferside yn 'e sin, dy't lykwols feitliks sokssawat útdrukt as: 'Gean fuort (ried ik dy), oars komst by neare nacht thús'.

### 7. Gearfetting

Yn dit stik haw ik twa hypotezen oangeande it komôf fan weromwurkjend *jaan* as tiidwurd fan fuortbeweging yn it Frysk hifke. Neffens de earste soe *jin jaan* tebekgean op *jin bejaan*. It tiidwurd fan fuortbeweging *jin bejaan* hie ynearsten in net-komposisjonele betsjutting en koe as komplemint in ferhâldingswurdkloft of partikel selektearje, dat as resultatyf predikaat tsjinne. Der kaam lykwols in oanstriid om it tiidwurd (ek) wer as komposisjoneel op te fetsjen mei it foarheaksel *be-* as it resultative predikaat. In ferhâldingswurdkloft wie yn dat gefal mar allinne mear mooglik as adjunkt; partikels, dy't net as adjunkt foar komme kinne, wiene yn 'e komposisjonele ynterpretaasje ûnmooglik. Yn gefallen fan *jin bejaan* mei partikel waard it foarheaksel no skrast, sadat it partikel wer it resultative predikaat wurde koe. It nije tiidwurd *jin jaan*, dat ynearsten mei partikels kombinearre waard, wreide dêrnei nei

konteksten mei in ferhâldingswurdkloft en begûn dêr te konkurrearjen mei *jin bejaan*. In probleem mei dy hypoteze is lykwols dat *jin bejaan* mei partikel net oerlevere is yn it (âldere) Frysk en dat *jin jaan* as tiidwurd fan fuortbeweging al âlde brieven hat yn 'e Germaanske talen. Boppedat drukt *jin jaan* mei partikel yn it Frysk net fuortbeweging, mar allinnich lichemsbeweging út.

De twadde hypoteze is dêrom faaks oannimliker. Dêrneffens giet *jin jaan* as tiidwurd fan fuortbeweging tebek op *jin jaan* as tiidwurd fan lichemsbeweging, dat ynearsten mei partikels en ferhâldingswurdkloften ferbûn waard om in lichemsbeweging út te drukken en dêrnei nei oare ferhâldingswurdkloften wreide en in tiidwurd fan fuortbeweging waard. Fanwegen de krapte oan histoarysk materiaal binne de details fan 'e ûntjouwing fan *jin jaan* ta in tiidwurd fan lichemsbeweging en fuortbeweging lykwols slim benei te kommen. Allyksa bliuwt it wat ûndúdlik ynhoefier't de ûntjouwingen fan *jin jaan* en *jin bejaan* en harren Hollânske wjergaders krekt opinoar ynwurke hawwe. It liket yn alle gefallen muoi wis, dat se inoar op ien of oare wize trochkrúst hawwe.

In ûntjouwing fan 'jaan' ta in tiidwurd fan fuortbeweging komt inkeldris ek yn oare talen foar; Newman (1996, 223-227) jout in pear foarbylden (ûnder oaren Dútsk *sich begeben*). De ûntjouwing fan weromwurkjend *jaan* yn it Frysk (en it âldere Hollânsk) ta in tiidwurd fan lichemsbeweging en dan ta in tiidwurd fan fuortbeweging kipt der lykwols frijwat út. It Frysk hat njonken *jin jaan* mear opfallende algemiene tiidwurden fan fuortbeweging. Men kin bygelyks wize op *sette* (*earne hinne sette, de dyk út sette, ôfsette*), *stekke* (*earne hinne stekke, de dyk út stekke, ôfstekke*) en *strike* (*earne hinne strike, de dyk út strike, ôfstrike*).<sup>27</sup> Der is dêrom alle reden en ûndersykje de Fryske tiidwurden fan fuortbeweging skielk noch ris yn in grutter ramt.

(Foar kommentaar op in kladde fan dit artikel betankje ik Siebren Dyk, Eric Hoekstra en Willem Visser.)

#### Literatuer

Blom, Corien (2005), *Complex Predicates in Dutch. Synchrony and Diachrony*. LOT, Utrecht.

Breuker, Philippus (1989), *It wurk fan Gysbert Japix*. I. Tekst yn facsimile. Fryske Akademy, Ljouwert.

CrVA J = Vriessche Aenteykeninge (neffens de tekst yn Jus Municipale Frisonum), yn: Gerbenzon (1965).

27 Foar al dy tiidwurden jildt boppedat dat se ta in hichte ek yn âlder Hollânsk gongber wiene (ferl. WNT, s.v. *zetten* D.I.56, *steken* III.23., *strijken* I.B.3.).

- DWB = Johann Grimm & Wilhelm Grimm et al. (1854-1971), *Deutsches Wörterbuch*. 33 Bde. Birzel, Leipzig.
- E2 = K. Fokkema (bes.) (1953), *De tweede Emsinger Codex*. Nijhoff, 's-Gravenhage.
- EDD = Joseph Wright (1855-1930), *The English Dialect Dictionary*. 6 dl. Oxford University Press, Oxford.
- EdJ = Annalen fan Edo Jongema, yn: Gerbenzon (1965).
- Fulk, Robert D. (bes.) (2010), *The Beowulf Manuscript*. Harvard University Press, Cambridge Massachusetts.
- Gerbenzon, Pieter (1965), *Kleine Oudfriese kronieken*. Wolters, Groningen.
- Hendriks, Petra, Mark Kas & Liesbeth Laport (1994), 'De semantiek van afleidingen met *ont-*', *De Niuwwe Taalgids* 87, 136-144.
- Hoekstra, Eric (2007), 'Betsjuttingsaspekten fan it foarheaksel *ûnt-* yn it Frysk en *ont-* yn it Nederlânsk', *It Beaken* 69, 1-12.
- Hoekstra, Jarich (1998), *Fryske wurdfoarming*. Fryske Akademy, Ljouwert.
- Hoekstra, Teun, Moniek Lansu & Mirjam Westerduin (1987), 'Complexere verba', *GLOT* 10, 61-78.
- Laan, Kornelis ter (19522), *Nieuw Groninger Woordenboek*. Wolters-Noordhoff, Groningen.
- Lenz, Alexandra N. (2007), 'Zur Grammatikalisierung von *geben* im Deutschen und Lëtzebuergesch', *Zeitschrift für Germanistische Linguistik* 35, 52-82.
- Levin, Beth & Malka Rappaport Hovav (1995), *Unaccusativity. At the Syntax-Lexical Semantics Interface*. MIT Press, Cambridge, Massachusetts.
- Lord, Carol, Foong Ha Yap & Shoichi Iwasaki (2002), 'Grammaticalization of 'give': African and Asian perspectives', yn: Ilse Wischer & Gabriele Diewald (bes.), *New reflections on grammaticalization, Proceedings of the International Symposium on Grammaticalization, 17-19 June 1999, at Potsdam University, Germany*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia, 217-238.
- MNW = Verwijs, Eelco & Jacob Verdam (1845-1952). *Middelnederlandsch Woordenboek*. 11. dl. Nijhoff, 's-Gravenhage.
- Newman, John (1996), *Give. A Cognitive Linguistic Study*. Mouton de Gruyter, Berlin/New York.
- Newman, John (bes.) (1998), *The Linguistics of Giving*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia.
- Newman, John (bes.) (2002), *The Linguistics of Sitting, Standing, and Lying*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia.
- O II = P. Sipma (1933), *Oudfriesche Oorkonden*. Dl. II. Nijhoff, 's-Gravenhage.
- Sassen, A. (1979), 'Over het bestaan en ontstaan van Nederlandse woorden', yn: G.E. Booij (bes.), *Morphologie van het Nederlands*. Huis aan de drie grachten, Amsterdam, 63-76.
- Sassen, A. (1981), 'Morfologische produktiviteit in het licht van niet-



- additieve woordafleiding', yn: B.P.F. Al, A. van Santen & H. Schultink (bes.), *Produktiviteit in de morfologie. Een bundel artikelen opgedragen aan E.M. Uhlenbeck*. Coutinho, Muiderberg, 126-142.
- Sytstra, Onno H. & Jan J. Hof (1925), *Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Van der Velde, Leeuwarden.
- Talmy, Leonard (1985), 'Lexicalization patterns: semantic structure in lexical forms', yn: Timothy Shopen (bes.), *Language typology and syntactic description*. Vol. III. Grammatical categories and the lexicon. Cambridge University Press, Cambridge, 57-149.
- Waldenfels, Ruprecht (2012), *The Grammaticalization of 'Give' + Infinitive. A Comparative Study of Russian, Polish, and Czech*. De Gruyter, Berlin/Boston.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal*. Fryske Akademy, Ljouwert (1984-2011).
- WNT = *Woordenboek der Nederlandsche taal*. Nijhoff, Sijthoff, Stemberg, 's Gravenhage en Leiden (1882-1998).

